

God ferstiet gjin Frysk

Wa't de namme Sipke Huismans (1873-1924) neat seit, sil by syn grêf op it tsjerkhôf fan Loaiïngea net tinke oan in foaroanman fan de Fryske Beweging. De tekst op de stien beneamt him allinnich as 'bedienaar des woords'. Der hie stean kinnen dat er taalstrider west hie, ryk oan idealen, de oprjochter fan it Kristlik Frysk Selskip. In man as in ikebeam yn it Fryske wâld, neamde syn freon Wumkes him. Mar it tsjerklike fermidden fûn in dûmny mei Fryske idealen fierstente radikaal, hast gjin ien woe him yn de pastorij ha. God ferstie gjin Frysk. Om't de tsjerken dêr't er dûmny west hie de stien betelle ha, gjin wurd oer syn fûle striid foar it Frysk.

Doe't yn de 19de iuw de beweging foar it Frysk opkaam, gie soks de Kristenfriezen (sa't Huismans se neamde) totaal foarby. Dy taal, sa wie de gedachte, waard brûkt yn sûndige plakken as de herberch en by toanielútferingen. Alles wat mei it tsjerklik libben te krijen hie, moast yn it Hollânsk ferrinne, ek al wienen tsjerkeleden dy taal meastentiids amper machtich. 'God, Nederland en Oranje', dêr paste gjin Frysk by. Doe't Huismans him wol foar it Frysk ynsette, wienen de reaksjes fan hast alle tsjerkeleden negatyf. 'Dat mei ik nou for in dominy neat net graech hearre.' Mar Huismans sette troch omdat er it wichtich fûn dat in dûmny, 'de bringer fan it Evangeelje', de minsken ferstean en tasprekke koe yn har eigen taal om dêrmei 'safolste mear yn syn siele to fielen en to taesten.' Hy wie, oars as de measte tsjerkeleden, fan betinken dat God elk folk syn eigen taal jûn hie, en dat it Frysk ek troch it Evangeelje 'hillige' waard en 'omheechfierd' wurde koe 'ta de tsjinst en ta eare fen God.' Syn soarch wie dat yn dit fermidden oars troch it 'forhallendere grifformearde tsjerkendom' it Frysk ferlern gean soe, troch 'eigen skild, ûntrou, en forried'. Soks wie 'moart oan eigen aerd en wêzen,' God stie dêr neffens Huismans bûten.

Grifformearde Fryske dûmny

Huismans waard berne op in pleats by Loaiïngea en wenne neitiid yn Snits, doe't syn heit dêr in molktaperij begûn. It wie in drokke húshâlding, mei oandacht foar it Frysk, Huismans lies as jonge it wurk fan Waling Dykstra. Al hienen syn âlden te krijen mei saaklike tsjinslaggen, hy krige de kâns om nei de HBS te gean. Hy hie doe al grutte belangstelling foar teology en besleat dat er dûmny wurde woe, krekt yn in tiid fan fûleinige striid yn 'e tsjerken, dy't útrinne soe op de Doleânsje. De rjochtsinnige kant luts him oan en dêrom keas er foar in stúdzje oan de Vrije Universiteit fan Abraham Kuyper. Nei syn eineksamen oan de HBS en it heljen fan it steatseksamen ferfear er yn 1893 nei Amsterdam. De Vrije Universiteit oan de Keizersgracht hie net allinnich romten foar kolleezjesealen, studinten hienen

dêr ek ûnderdak. Yn sa'n suver kleastereftige sfear hat Sipke hast acht jier tahâlden, oant er yn 1901 syn earste plak as dûmny krige yn Eanjum. It is net dúdlik wêrom't er sa lang oer de stúdzje dien hat, mooglik hat er noch in skoft yn Snits werom west om saken te beoarderjen nei't syn heit yn 1898 ferstoar. Yn alle gefallen wie er tige warber as senator



Troufoto fan Sipke Huismans en Dieuwke Rosalina Banga yn 1902. (Foto partikuliere kolleksje)

Portret fan Sipke Huismans dat by syn ferstjerren yn *Sjucht en Rjucht* stie. (Tresoar)

fan de Gereformeerde Studentenbond en yn 1896 ien fan de oprjochters fan de Fryske Studinteferiening fan de VU.

In horloazje ta ôfskied

Huismans hie it mei syn earste gemeente minder treffe kinnen, yn Eanjum wienen se wiis mei de jonge dûmny. Hy pakte daliks ta om it tsjerkelibben te ferbetterjen, der kaam in nij oargel en it tsjerkegebou waard útwreide. Hy koe oansprekkend preekje en treau de gemeente noch fierder de kant fan Kuyper op. Huismans hie sympaty foar fakbûn Patrimonium en die oan drankbestriding, ek al fielde de tsjerkeried dêr net foar. Sa wienen der wol mear saken dêr't de konservative notabelen – by alle wurdearring – him besochten lyts by te hâlden. Sa woenen se him gjin jier frijstelling jaan om syn doktoraal te heljen en syn idee om dûmny by de mobilisearre soldaten te wurden, hâlden se ek tsjin. Twa sneinen mocht er yn Brabân preekje, mear net. Fan preekjen yn it Frysk wie fansels gjin sprake, it iennige wat Huismans op dat mêd foarinoar krige wie it ompartsjen fan eigen makke, Fryske nijierswinken by de tsjerkedoar:

*Sa giet ús paed troch 't libben / fen 't iene yn 't oare jier /
Wy litte in foetspoar efter / faek sichtber wit ho fier.*

Huismans wie yn 1902 troud mei Dieuwke Rosalina Banga (1870-1950), iennige dochter fan de notaris fan Eanjum en se krigen seis bern. Doe't dy grutter waarden en nei it gymnasium soenen, waard it wenjen yn in úthoeke fan Fryslân wol in beswier, ek al kaam it Dokkumer Lokaaltsje sûnt 1913 ek yn Eanjum. Doe't er yn 1916 in nij plak fûn, krige er fan syn kategisanten in horloazje ta ôfskied. Letter soenen de Eanjumers fierhinne it grutste part fan de kosten foar syn grêf betelje. Huismans hie him thús field yn it doarp en sa't bliken docht út notarisargiven, hat er dêr (en yn 'e omkriten) ek in soad minsken holpen mei jild. Ien fan harren wie Sake van der Werff, dy't syn neitiid sa ferneamde hotel op Skiermûntseach keapje koe mei in liening fan Huismans.

'It gemoet operearje'

Foar Huismans wie it brûken fan it Frysk gjin aardichheid mar djippe earnst. Teologysk wie er like behâldend as syn gemeenteleden, mei syn Fryksinngiens rûn er derút en hie hy net folle meistridders. 'In tael is ek net lyk as in earm of in bien det de dokter ôfsette kin, om der in houten ien for yn it plak to setten, né, as min ús de tael ôfsette scoe by wize fen operaesje, dan moat min begjinne mei earst ús fen binnen yn ús gemoet to operearjen, as dat wy langer gjin Friezen binne.'

Huismans wraksele mei de ferplichting om yn it Hollânsk te skriuwen, wylst er tocht yn it Frysk. Om't it 'âld' Frysk Selskip (fan 1844) him en oare tsjerkeminsken fierstente liberaal wie, rjochte er yn 1908 it Kristlik Frysk Selskip (KFS) op, mei as doel om de status fan it Frysk te ferbetterjen en ek te brûken



Sipke Huismans, steand rjochtsachter yn ûnder de lampe, by in houliksfeest yn 1914 yn Eanjum fan Ytje Hoekstra en Johannes Sytsma. (Tresoar)



Grêf fan Sipke Huismans yn Loaiïngea, dêrneist it grêf fan sy frou. Eanjumers hawwe fierhinne it grutste part fan de kosten foar syn grêf betelle. (Foto Hoge Noorden)

‘ta eare fan God’ yn tsjerke en de mienskip. It KFS hie al rillegau sa’n tûzen leden en yn 1909 ferskynde in eigen blêd, *Yn ús eigen tael*, mei oersettingen fan stikken út de Bibel, lykas de Psalmen. Besocht waard om foarinoar te krijen dat it Frysk op skoallen ûnderwiisd waard.

In grut sukses wie elk jier it priissjongen foar kristlike koaren. Huismans hâlde by gelegenheid skerpe taspraken. ‘De tsjerke stiet ûnder gjin oare taelwet, as de taelwet fan Christus, en Christus’ taelwet is it forkindigjen fan Gods greate wirken oan elts yn syn eigen tael.’ Mar it tsjerklike fermidden yn Fryslân bleau o sa behâldend. Doe’t Huismans meidie oan de betinking fan de net kristlike Waling Dykstra, seinen guon it lidmaatskip fan de KFS daliks op. ‘Wy hawwe hjir komeedzje yn ‘e tsjerke’ wie yn 1915 de reaksje op de earste Fryske preek. Huismans moast as dûmny en as lieder altyd taktysk optrede, wylst er in ‘forbitten fûl temperamint’ hie neffens Wumkes. Huismans wie it mei Douwe Kalma iens dat Fryslân net holpen wie mei in kulturele werberte allinnich, it Frysk moast oeral foar master opslaan, woe it mear wurde as in aardichheid: op skoalle, by de rjochtbank, yn ‘e gemeenterie en dus ek yn ‘e tsjerke. As foarsitter fan it KFS koe er it lykwols net mei Kalma iens wêze, soks iverjen foar it Frysk soe it KFS spjalte en nei de ûndergong bringe.

Mei tank oan: Hessel en Sipke Huismans

> Mear witte?

- S. Huismans, *Ta in tinkstien*. Samle skriften, te finen op Google Books
- <https://www.huismans24.nl/PakeSipke.html>

Doeke Sijens (Hantum, 1955) is bibliotekaris yn Grins. Hy publisearret oer literêre saken en keunst en is resinsint foar Frysk by de *Leeuwarder Courant*.

Eanjum yn 1950 mei de grifformearde tsjerke. (Tresoar)

‘Mar roppen bin ik net’

Syn krewearjen foar it Frysk en ek wol syn fûle aard makken dat Huismans gjin oar plak as dûmny yn Fryslân fine koe. Gemeenten hienen ek gjin ferlet fan in ‘herder’ dy’t him sterk makke foar hegere trakteminten of der by de Synode op oanstie ek gesungen yn it psalmboek op te nimmen. Fan plannen dat er de ‘Fryske evangelist’ wurde soe fan it KFS, mei in dûmnyplak yn Ljouwert, kaam neat terjochte. Doe’t him dúdlik waard dat er yn Fryslân bûtensletten waard, naam er in berop oan út Zevenhoven (Súd-Hollân) en twa jier letter



Christlik Selskip for Fryske Tael- en Skriftenkennisse.

En ho hearre wij hjarren elts yn ús eigen tael, der 't wij yn berne binne . . . forkundigjen Gods greate werken Hand II : 8, 11

Stiftingsgearkomste op PINKSTERMOANDEI, twaure, yn 'e Efferseale fen 'e Klanderij te Ljouwert.

HWAT ER TO DWAN IS:

1. It iepenjen fen 'e gearkomste mei in koart wurd fen wolkom.
2. It bisprekken fen hwer 't wy fen útgeane en op ta wolle.
 - a. Us Cristenropping om *eigen Tael net te forachtsjen*, mar to brûken *ta eare fen God*.
 - b. Derom : *it hilligjen fen it Frysk as Godstjintige Tael* troch oersetting en forsprieding fen inkelde ef alle Bibelboeken.
 - c. It *ûnderwizen* fen it Frysk as *Memmetael* ek op ús Christlike Skoallen.
 - d. It *earjen* fen it Frysk as *Omgongstael* ek yn ús Christlike gemienskipsliben.
 - e. It *foredeljen* fen it Frysk as *Kinsttael* ek yn ús Christlike Skriuwerij [It útjaen fen Skriften, Tydskriften, Deik en Wykbladen ensfh.]
3. It roungean en teikenjen fen in *Stifterslist* om mei yens *Namme* en in *Eare-jette* oan *û* *Stiftsjen* fen it nije Selskip *diet to nimmen*.
4. It kiezen fen in *Bistjûr*.
5. It oanwizen fen in Kommissje ta opstelling fen in *Karbrief*.
6. It útskriuwen fen in *Priisfraeg* om al aenstons for ús Christlike Skoallen in *Lêsoe* gear to stellen.
7. It bisprekken fen 'e fraeg ho ús to halden tsjinoer *it bisteande Selskip* [Mei inoar, net tsjin inoar.] Gemienskiplike gearkomsten? It oanwizen fen riedsljue yn it Bistjûr oer en wer? It oanfreegjen en oanbieden fen Stjere?
8. It rounfreegjen.
9. It slûten.

Neiskrift Gjûn lidmaatskip fen in bipaelde Tsjerke wirdt ta dizze Gearkomste foreaske, mar hwa 't ús Fryske tael bifoarderje wol yn it gelove en yn 'e foetstappen fen Gysbert Japiks is wolkom

S. HUISMANS to Anjum.
G. KAMERLING to Rinsumageast.

Advertinsje fan de stiftingsgearkomste fan it 'Christlik Selskip for Fryske Tael- en Skriftenkennisse' yn de *Leeuwarder Courant* op pinkstermoandei 1908. (Tresoar)

gie er nei Doetinchem. Ynearsten bleau er foarsitter fan it KFS en libbe op as er in gearkomste tasprekke koe. Mar hy kaam yn Hollân te fier fan de Fryske Beweging ôf te stean en joech syn funksje oer. Yn Hollân fiele der him in balling en hieltyd wer hie er de hoop dat der in berop út Fryslân komme soe. Yn 1919 wie Drylts fakant, ‘mar roppen bin ik net’. Yn 1921 koe er nei Aldegea (W), mar traktemint en pastori j wienen ‘fiersto lyts’.

Yn 1921 rekke Huismans foar ‘t earst in skoft út it wurk, hy hie him ferskrept, sa hiet it. Dêrnei koe er by riten noch wol wurkje, mar yn 1923 wie wol dúdlik dat er slim siik wie, der wie sprake fan ‘verzwakkingen van het bloedgehalte’. Mooglik hie er de sykte fan Kahler. Doe’t er in skoft yn it sikehûs lei, skreau er hertlike en soarchsume brieven oan frou en bern. Wumkes seach yn ‘e omgong mei Huismans in oare kant fan syn persoanlikheid: ‘Alles oan him wie swier. Swier syn trêd. Swier syn laits, dy’t bytiden opklonk as in hún. Swier syn wurden, dy’t djip weikamen. Men rekke net gau by him thús. Midden yn in petear koed er soms samar weisinke yn in djip stilswijen.’

Yn ‘e simmer fan 1924 is Huismans ferstoarn. By de begraffenis wienen safolle sprekkers, dat de plechtichheid op it hôf ôfbrutsen wurde moast. Folkertsma skreau neitiid dat Huismans in profeet west hie, dy’t net begrepen wie troch syn eigen minsken. ‘Syn lûd wie te foars, om ferstien te wurden yn ‘e lytse en benypte fermiddens.’ Neffens him hie Huismans tefolle ferwachtings fan it kristlike Fryske folk hân. Doe’t yn 1925 de stien op syn grêf pleatst waard, wie net ien fan de pommeranten fan it Kristlik Frysk Selskip oanwêzich. <